

Feestliet ta gelegenheid fan de útrikking fan in Keninklike Underskieding oan Hâns Weijer op 2 april 2011 yn Apeldoarn op de Algemiene Gearkomste fan It Frysk Boun om Utens.

(op de muzyk fan it Frysk Folksliet)

Frysk bloed tsjoch op, Hâns Weijer is no ridder:

befoard're ta it **adeldom** !

Hy kin no wer in oantal jierren fierder

En wy slaan krêftich op 'e trom

Klink dan en daverje fier yn it rûn

't Is foar de skriuwer fan 't Fryske Boun

Klink dan en daverje fier yn it rûn

't Is foar de skriuwer fan 't Fryske Boun

Hâns Weijer hat in bêste reputaasje

in pylder yn 't bestjoer fan 't Boun

Foar 't Fryske boek is hy de man fan 'faasje'

mei beide fuotten op 'e grûn

Klink dan en daverje fier yn it rûn

't Is foar de skriuwer fan 't Fryske Boun

Klink dan en daverje fier yn it rûn

't Is foar de skriuwer fan 't Fryske Boun

Hâns Weijer tankje wy foar syn krewearjen

Hy wurket iv'rich oan 't Frysk boek

Fakânsje bliuwt allinnich mar probearjen

en frije tiid fier yn 'e hoek

Klink dan en daverje fier yn it rûn

't Is foar de skriuwer fan 't Fryske Boun

Klink dan en daverje fier yn it rûn

't Is foar de skriuwer fan 't Fryske Boun

In lintsje hat hy dik en dwars fertsjinne

Us lokwinsk sa as hy dêr stiet

It ienichste wat wy hjir no noch kinne

Is hulde bringe mei dit liet

Klink dan en daverje fier yn it rûn

't Is foar de skriuwer fan 't Fryske Boun

Klink dan en daverje fier yn it rûn

't Is foar de skriuwer fan 't Fryske Boun